



Hoe kinne wy in
goede foarâlder wêze?

Bêste IIS dielnimmer,

We kenne inoar net mar ha wol mei-inoar te krijen. Witst hoe? Do libbest no en bepaalt wat der de kommende jierren yn myn doarp, wyk of stêd bart. Ik libje aanst en krij dan te meitsjen mei de gefolgen dêrfan. Bysûnder, he? Om dy hjiroan yn it sin te bringen krigest fan my dit kado; in IISblok mei dêryn berneredens.

De berneredens kinne je net ûnderbine, mar dat hoecht ek net. Kinst se op in sichtber plak sette yn dyn omjouwing sadat jim by it projekt altyd tinke oan de folgjende generaasjes. Stel dysels by alle wichtige beslissingen de fraach: 'Is it beslút dat ik no nim ek goed foar de bern, bernsbern of oerpakesizzers yn myn omjouwing?'

It IISblok is in saneamde tiidskapsule. Folje it IISblok mei ien of meardere boadskippen sadat ik wit wat jim tidens it IISprojekt dien hawwe foar my en de generaasjes nei my. Fragen dy 't helpe kinne om ta in mienskiplik boadskip te kommen: Wat wolle wy trochjaan oan de folgjende generaasjes? Mei oare wurden: Hoe kinne wy in goede foarâlder wêze? Set it IISblok earne dêr 't ik him letter maklik fine kin.

Wit dat ik grutsk op dy bin dat jim mei elkoar oan 'e slach gean mei in prachtich projekt om sa te wurkjen oan in moaie takomst.

Groetnis,

Robin (út 2122)

IIS is een productie van



ARCADIA

KEUNSTWURK

Haadpartners:

provinsje fryslân
provincie fryslân



PRINS BERNHARD
CULTUURFONDS
Het begin van iets moois

univé